

# Dorpscanon van Folsgeare

It hûs tusken de Tempel en tsjerkehûs noard

---




© foto útjouwerij van der Meulen bv. Snits

## It hûs tusken de Tempel en tsjerkehûs noard

Tsjaerddyk 43

de twa linebeammen links steane as sinneskerm foar it hûs



Folsgeare 1832

Tusken de lettere Tempel en it tsjerkehûs oan'e noardkant fan'e Tsjaerddyk is yn 1832 noch in stikje grûn dat net bebouwd is.


kaartsje: kadaster

Om 1848 hinne bout timmerman Johannes Paulus Spiering in hûs op dit lytse perseel. It pân komt net oan'e dyk te stean mar kriget in lyts foartúntsje, dêr't hy twa linebeammen plantet as sinneskerm.

# Dorpscanon van Folsgeare

It hûs tusken de Tempel en tsjerkehûs noard

Johannes Spiering en syn frou vrouw Trijntje Harmens Dijkstra komme mei harren soan Paulus Johannes te wenjen yn it hûs. Timmerman Spiering ferstjert yn 1849.



Folsgeare 1887

kaartsje: kadaster

Pieter Willems Twijnstra nimt de timmerzaak fan Spiering (no Tsjerddyk 44) oer. Trijntje Harmens ferkeapet it hûs en ferhuzet yn 1851 mei har soan nei Easthim. It hûs wurdt ferhierd. Yn 1855 komt Grietje Sipkes Bleeker, sûnt 1846 widdo fan Meinte Klases Zijlstra, dêr mei har twa bern Klaas en Sytske te wenjen. Yn 1860 komt it hûs yn'e ferkeap.

LC febr. 1860

Te Koop:

Nieuwgebouwde woning aan den rijdweg te Folsgeare bewoond door wed. Meinte Klases Zijlstra (Grietje Sipkes Bleeker) voor fl. 30,- per jaar.

It pân wurdt kocht troch Klaas Gerrits van der Meer. Hy ferkeapet de wenning wer yn 1861 oan Durk Okkes Baarda, dy't der mei yngong fan 12 maaie 1862 oer beskikke kin. Durk is op 4 maaie 1861 troud mei Fedtje Fokkes van der Meer. Durk en Fedtje krije yn Folsgeare twa soannen, Fokke en Okke. Fokke wurdt al op jonge leeftyd skuonmakersfeint by Douwe Lucas Elsinga. Hy wurdt letter skuonmakker yn Itens en trout yn 1887 mei Trijntje Eisma. It pear komt foar koarte tiid werom nei Folsgeare. Fokke hat dan in skuonmakersfeint nedich.

**T**erstond gevraagd een **SCHOENMAKERS-KNECHT**, P. G., goede werker, bij **F. BAARDA** te Folsgeare.

LC 1892

# Dorpscanon van Folsgeare

It hûs tusken de Tempel en tsjerkehûs noard

---

Okke giet al jong mei nei de buorkerij en wurdt krekt as syn heit boerefeint. Yn 1893 ferkeapet Durk Okkes it hûs oan Taede Ruurds Abma ( boer op Carpe Diem, Folsgeasterleane 4).

Durk en Fedttje ferhúzje nei Spannum, dêr't Durk Okkes yn 1897 ferstjert.

Teade Ruurds Abma hat de wenning kocht foar syn arbeider Jan Douwes Bouma. Jan Douwes is troud mei Annigje ten Wolde yn 1877. Tegearre krije se fiif bern. Harren dochterke Uilkje ferstjert spitigernôch as se noch mar ien jier is ( 1886). Jan Douwes wurket jier yn, jier út by Teade Ruurds en dat wurdt troch syn baas ek wurdearre. Hy wol dat syn fêste arbeider yn in goede wenning wennet, foar in reedlike hierpriis.

Sadwaande komme Jan en Annigje mei de bern yn it hûs mei de twa linebeammen derfoar. Nei it ferstjerren fan syn frou Annigje yn desimber 1898 komt Jan syn mem Minke Brouwer by him yn'e hûs om foar de húshâlding te soargjen. Jan docht aloan trou syn wurk en yn 1903 is hy 25 jaar yn tsjinst by de fam. Abma.

Door deze betuig ik mijnen hartelijken dank voor de vele blijken van belangstelling, bij mijn 25-jarige dienstvervulling onder-vonden, in 't bijzonder aan mijn patroon T. R. ABMA, FAMILIE, HUISGENOOTEN en allen die het mij dien dag recht aangenaam hebben gemaakt.

Folsgeare.

Namens de Familie ,  
JAN D. BOUMA.

LC 10-04-1903

Yn 1904 ferstjert Taede Ruurds Abma. Syn soan Ruurd Teades wurdt no boer op'e buorkerij. Hy set de besittings fan syn heit te keap. Jan Douwes ferhuzet mei syn jongste dochter Uilkje ( 1888) en syn mem Minke Brouwer yn 1904 nei Hartwert.

Jacob Botinga en Theunia Postma keapje it hûs en komme werom nei it doarp dêr't se berne binne. Theunia Postma ferstjert yn 1907 en Jacob Botinga nimt Fetje Boelens oan as húshâldster. Fetje komt fan Toppenhuzen en is de dochter fan Hette Boelens en Grietje Speelman. Jacob, 65 jier, en Fetje, 32 jier, jouwe elkoar yn 1915 it jawurd. Twa jier letter ferstjert Jacob. Fetje ferhuzet yn 1918 nei Snits en dan wurde Jan Heida en Foekje Holtrop mei harren dochter Trijntje de nije bewenners. Jan is boerearbeider en hat noch net in fêst wurkplak. Yn 1920 ferhúzje se alwer nei Aldehaske, de kontreien dêr't se ek wei komme.



# Dorpscanon van Folsgeare

It hûs tusken de Tempel en tsjerkehûs noard

---

De neikommende boerefeint dy't der komt te wenjen is Fedde de Jong. Fedde komt fan Easthim en leart yn Folsgeare Trijntje Roukema kennen. Se is de dochter fan Yde Roukema en Antje Walsweer. Fedde en Trijntje trouwe yn 1923.

It stel kriget twa bern, Pier en Antje.



De Tsjaerddyk, mei links noch altiten de twa linebeammen foar it hûs fan Fedde de Jong.

foto: argyf Remmelt Boonstra

Fedde de Jong ferstjert yn 1964 op 69-jierrige leeftyd. Trijntje bliuwt yn it hûs oant se opnommen wurdt yn it Teatskehûs (Blauhûs). Hjir ferstjert se op 9 juni 1991 op 98-jierrige leeftyd. Se wurdt yn Folsgeare begroeven.



Folsgeare om 1950  
hinne

foto: argyf db Folsgeare

Neidat de Tempel en it tsjerkehûs ôfbrutsen binne, blokkearret de wenning op Tsjaerddyk 43 de trochgong fan it tanimmende autoferkear. It hûs wurdt sloopt op 8 jannewaris 1979. De Tsjaerddyk wurdt dêrnei breder makke.

# Dorpscanon van Folsgeare

It hûs tusken de Tempel en tsjerkehûs noard

---

## **Colofon**

*Tekst: Atse Bruin*

*Bewurking en oersetting: Wytske Heida*

*Foto's: útjouwerij van der Meulen bv Snits, argyf db Folsgeare, argyf Remmelt Boonstra*

*Advertinsjes: LC*

*Kaartsjes: kadaster*

*Disclaimer: Foar alle foto's jildt, dat der soarchfâldich útsocht is wa't de eigner is en is tastimming frege en krigen foar it brûken yn dit finster. Finsters oer persoanen binne pleatst nei weromkeppeling mei belutsenen. Mocht der nettsjinsteande eat net korrekt wêze, graach de redaksje ynformearje.*